



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Besprek De smalle marge [Review of: (1994) De smalle marge. Een exemplarisch praktijkonderzoek naar het ontwikkelen van een beïnvloedingsmethode voor maatschappijkritische politiek actieve groepen]

Hemminga, P.

published in

It Beaken

1995

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (1995). Besprek De smalle marge [Review of: (1994) De smalle marge. Een exemplarisch praktijkonderzoek naar het ontwikkelen van een beïnvloedingsmethode voor maatschappijkritische politiek actieve groepen]. *It Beaken*, 57(3/4), 318-320.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

for the future of the region that the issues are aired and discussed. This collection serves an admirable purpose in exploring the problems in an open and fair-minded way. I found the chapter by P.H. Pellenburg of the University of Groningen to be particularly useful in addressing the problems I have mentioned. Other chapters are concerned with different aspects of Friesland's economy, with more detailed accounts of agriculture and the building industry. There is a specific focus on labour market issues with valuable studies of young people's attitudes to work and youth training.

The editors provide a useful and positive introduction and rightly emphasize the value of local resources in education and training for stimulating economic growth and change in social attitudes. A negative internal image of Friesland can only be solved from within. Publications such as this have a vital role to play in the struggle to reduce the locally high level of unemployment and to create new jobs in new industries for the young people who hope to enter the labour market. There are lessons here for all those committed to a healthy Europe of the Regions.

R.E. Pahl (University of Kent at Canterbury/Essex University)

J. Spyksma (1994)

DE SMALLE MARGE. Een exemplarisch praktijkonderzoek naar het ontwikkelen van een beïnvloedingsmethode voor maatschappijkritische politieke actieve groepen. (Sumar: eigen behear, gjin ISBN. Dissertaasje Ryksuniversiteit Grins, 296 s., f 25,-).

It proefskrift fan Johannes Spyksma (Burgum, 1938) giet oer in wichtich tema: de tagong fan de boarger ta de oerheid. Dat ûnderwerp hat al hiel wat ûndersyk oplevere, foaral rjochte op it beânderjen fan de fraach wa't ynfloed yn in mienskip hat. Johannes Spyksma stelt him yn syn stúdzje ta doel om foar maatskippijkrityske polityk warbere groepen in metoade te meitsjen om ynfloed op de polityk jilde litte te kinnen. De oanlieding ta de stúdzje kin fûn wurde yn de ûnbefredigjende ûnderfinings dy't de auteur yn de rin fan syn steatelidmaatskip opdien hat mei boargers dy't it oerheidsbelied feroarje woenen, mar harren dêr faak ûnfoldwaande op taret hienen, sa seit it Foaropwurd. De sintrale probleemstelling fan it ûndersyk wurdt as folget omskreaun: 'Hoe kan voor leden van de maatschappijkritische politieke actieve groepen voor het zoveel mogelijk oplossen van hun beïnvloedingsproblemen een methode worden ontwikkeld waardoor ze politieke invloed kunnen uitoefenen en waardoor ze hun politieke competentie kunnen vergroten, daarbij voldoende rekening houdend met de groepsdynamische processen?' (side 25).

De Smalle Marge bestiet út twa dielen: it earste diel docht ferslach fan de probleemferkenning en de probleemstelling, de ûndersykmetoade en de ûndersykopset, de probleemanalyse en de probleemdiagnoaze, it ûntwerp foar de metoade, de útfiering en de einevaluaasje. De metoade sels, omskreaun as 'Handboek Politieke Beïnvloeding', foarmet it twadde diel fan it proefskrift en beslacht sa likernôch de helte fan de stúdzje, 142 siden en fiif haadstikken, en bestiet út mar leafst 27 stappen dy't it útoefenjen fan ynfloed op it oerheidsbelied stypje moatte. Dy, op grûn fan it nedige literatuerûndersyk en praktykûnderfinings fan de ûndersiker noch fan foar it ûndersyk opstelde en mei de yn de rin fan it ûndersyk opdiene praktykûnderfinings oanpaste metoade, wurdt yn twa praktyksituaasjes útprobearre. Dat wol sizze dat der yn haadstik III oer twa praktyksituaasjes praat wurdt; dy twa wurde op s. 39 ynienen trije pro-

jekten en noch wer letter, yn haadstik V, giet it om twa projekten mei elk nochris in ferfolchprojekt. Feitlik giet it lykwols om twa praktyksituaasjes. Yn it iene gefal giet it om in organisaasje fan lju dy't rjocht op in útkearing hawwe mei fiif dielnimmers, dy't yn de slach is mei de Provinsje oer it behâld fan de provinsjale stipe, en yn it oare gefal giet it om in gemeentlik miljeuplatfoarm mei sân dielnimmers. Om hokfoar gemeente oft it yn it ûndersyk giet, wurdt net dúdlik makke. Ek de oanbelangjende provinsje wurdt yn it ferslach net by namme neamd, mar dat it om Fryslân te rêden is, falt op s. 40 op te meitsjen, as it giet oer de mooglik steurende ynfloed fan it steatelidmaatskip fan de ûndersiker op it ûndersyk.

Dat it yn it ûndersyk mar om twa, en dan ek noch hiel beheinde, praktyksituaasjes giet, makket it swakke stee fan it ûndersyk út. Spyksma slagget der ek net yn om de wol hiel beheinde omfang fan it empirysk part fan syn ûndersyk metodologysk te ûnderfangen mei haadstik 6.6., dat op de generalisaasje fraach yngiet. Feitlik komt de fraach nei de generalisaasje fan de ûndersyksresultaten al folle earder nei foaren, mar dat leveret gjin neiere skôging op oer tal en omfang fan de praktyksituaasjes (s. 28 e.f.). Ek it wêrom fan de twa foar kar nommen praktyksituaasjes wurdt net oanjûn.

Njonken de represintativens fan it ûndersyk, moat ek de fraach nei de faliditeit steld wurde, as it om it neigean fan de brûkberens fan de beynfloedingsmetoade oan de hân fan in stikmannich kwaliteitseasken giet. No wurdt der al te maklik fêststeld dat de metoade op in tal punten wurke hat, sûnder dat der mei in kontrôlegroep wurke wurdt, of sûnder dat der op allerhanne mooglike en net troch de ûndersiker achtsleine faktoaren oan de kant fan de oerheid of bûten de oanbelangjende groep sels, yngien wurdt. De metoade hat de oanbelangjende groepen - it proses - grif holpen, mar om de werklik útoefene ynfloed - it produkt - fêst te stellen, hie de beslútfoarming oan de kant fan de oerheid dochs op syn minst ek analysearre wurde moatten.

Oangeande de oerheid wurdt op s. 10 mei ynstimming de stúdzje nei nije sosjale bewegings fan K.W. Brandt út 1982 sitearre, dy't seit dat de oerheid har liede lit troch it tinken dat de fierdere útbou fan it yndustrysysteem foar de ekonomyske groei nedich is. De oerheid soe dêr belang by hawwe, om't hja foar har ynkomen foar in foarnaam part ôfhinklik is fan de winsten fan de yndustry. De skriuwer jout net oan oft soks ek foar de Provinsje Fryslân of de yn it ûndersyk belutsen gemeente jildt, noch foarbygeand oan it feit dat de troch Brandt beskreaune Dútske situaasje krekt hiel oars is as de Nederlânske; yn it Dútske gefal is de gemeente ommers foar syn ynkomen krekt foar in grut part ôfhinklik fan it yn dy gemeente fêstige bedriuwsliben. De skriuwer giet dêrmei wol hiel koart en subjektyf om de hoeke as it om ien fan de wichtichste partijen yn it beynfloedingsproses giet.

Net minder wichtich is dat it iene skift fan belangen folle makliker tagong ta de besluten-nimmende gremia hat, as oare skiften. Spyksma giet dêr net op yn, mar pleitet foar in aktyf operearjende en stjoerende oerheid. Soks komt nei it sitearjen fan Brandt wat frijend oer, noch ôfsjoen fan de aktualiteit fan it op 'e nij besjen fan it takepakket fan de oerheid, de diskusje oer kearn taken, it deregulearjen, it privatisearjen fan oerheidstaken of it ôfslankjen fan it oerheidsapparaat. De skriuwer brûkt lykwols it sizzen fan J.M. den Uyl oer de smelle marzje fan de demokratyske polityk, dêr't it wurkjen oan de politike problemen troch de maatskippijkrityske polityk warbere groepen en de oerheid yn plakfine moat, om de oerheid net hielendal te feroardieljen. 'Binnen die smalle marge hebben kleine koersverleggingen een grote uitwerking' (s. 12) en dat sil de titel fan it proefskrift ferklearje.

Spyksma makket in metoade foar maatskippijkrityske polityk warbere groepen, mar giet it feitlik wol om maatskippijkrityske groepen? It is de fraach oft in foar syn subsydzje stridende groep ûnder dat skift falt, boppedat docht bliken dat beide ûnder-

sochte groepen gjin belangstelling hawwe foar it yn in polityk en maatskiplik ramt setten fan de troch harren ûnderfûne politike problemen (s. 115). Ek it ûntbrekken fan belutsenheid en motivaasje fan de groepsleden liket earder in oare kant út te wizen (s. 128). Fierder wurdt fêststeld dat de groepsleden gjin belangstelling foar de emansipearjende wurking fan de beynfloedingsaktiviteiten hawwe (s. 118). Sân siden fierder wurdt dat lykwols korrizjearre, as sein wurdt dat ek de groepsleden in sosjaal-emansipatoaryske strategy nedich achtsje. En oars as fêst te stellen dat de troch Spyksma ûntwikkele hantlieding foar allerhanne groepen dy't de oerheid nedich hawwe, nuttich wêze kin, wurdt nochris de klam op de maatskippijkrityske kant lein: 'De groepsleden zijn desgevraagd wel van mening dat dit onderdeel van de methode van belang is. Omdat het binnen het Handboek werken aan politieke en maatschappelijke bewustwording van de groepsleden ook door de onderzoeker van essentieel belang wordt geacht, blijven de hierop gerichte aanwijzingen gehandhaafd' (s. 115). It hânboek sels begjint oars mei de sin: 'Dit handboek is bestemd voor groepen of organisaties, die het overheidsbeleid willen gaan beïnvloeden' (s. 145). Om twa alinea's fierder te sizzen dat it hânboek ornearre is foar maatskippijkrityske polityk warbere groepen. It is it rjocht fan de ûndersiker om it maatskippijkrityske elemint fan grut belang te achtsjen, mar it makket wol nijsgjirich wat der no krekt mei de ynbring fan de groepen bard is, ek al om't ek op oare punten de praktyk neat docht mei de oanwizings fan Spyksma, sûnder dat soks gefolgen foar de metoade liket te hawwen. Dat jildt bygelyks ek foar it omtinken foar de media (s. 125).

Oan de ein fan syn ûndersyk docht Spyksma it útstel om in wurkpleats op te rjochtsjen dêr't minsken oplat wurde kinne ta begelieder fan groepen dy't mei de troch Spyksma ûntwikkele metoade wurkje wolle. Leit in goede en hânsume publikaasje net mear yn de reden?

De ûnderfinings fan de folksfertsjintwurdiger Spyksma dy't fan 1977 oant de maaitiid fan 1995 lid fan de Fryske Steaten west hat en it yn de rin fan dy tiid mei de eigen partij oan de stôk krige, meitsje de lêzer benijd nei wat der fan de politike partijen sein wurdt. Spyksma stelt oan de hân fan fjouwer auteurs fêst dat politike partijen *gjin oplossings biede kinne, om't politike partijen te bot oan it steatsapparaat en de machthawwende belange-organisaasjes bûn binne* (s. 10). Dat wol lykwols net sizze dat it yn gjin inkeld gefal mear de muoite wurdich wêze soe om politike partijen yn de beynfloedingsaktiviteiten te beheljen. Dat is nammers wol it gefal wannear't in beskaate 'waardenovereenstemming tussen de groepen en politieke partijen kan worden geconstateerd, of wanneer de leden en de achterban van de politiek actieve groepen een stemmenpotentieel vormen'. En sa wurde, krektlyk as al earder mei de oerheid bard is, de grutte likemin as de lytse politike partijen noch net hielendal ôfskreaun, mar it is dúdlik dat Spyksma der op syn minst in twaslachtige en net maklike ferhâlding mei oerheid en politike partijen op neihâldt.

Nettsjinsteande boppesteande krityske opmerkings fertsjinnet Johannes Spyksma wurdearring foar syn proefskrift, dat folslein op de streek fan al syn krewearjen en maatskiplike belutsenheid leit. It hânboekpart kin grif nuttich wêze foar groepen of organisaasjes dy't beskaate belangen by de oerheid neistribje of ferdigenje moatte.

Piet Hemminga (Fryske Akademy)